

Sjueryrapport Rely Jorritsmapriis 2022

Achte boargemaster, achte priiswinners, achte (oare) oanwêzigen,

Mei 73 ynstjoerings yn totaal, fan 33 ferhalen en 40 gedichten, wie de rispinge fan 'e Rely Jorritsmapriis dit jier 'justjes' lytser as ferline jier, doe't hast 100 minsken it derop weagen en doch in goai nei de winst. De mannichte seit fansels neat oer de kwaliteit. De sjuery, besteande út foarsitter Rianne Blokzyl (Rianne lit har hjoed ûntskuldigje; se is behindere yn ferbân mei koroana), Oene Spoelstra en myn persoan, Beart Oosterhaven, is fan betinken dat it nivo fan 'e ynstjoerde wurken dit jier heger lei as it foargeande jier. Dêr moat al by sein wurde, dat it nivo fan 'e ynstjoerde stikken dit jier (ek) wer bot útinoar rint. Wy koene úteinlik fjouwer ferhalen en allyksa fjouwer gedichten foardrage foar in priis.

Tusken de ynstjoerings sieten prachtige foarbylden fan 'e mooglikheden dy't men mei taal hat. In protte kreativiteit, boartsjen mei taal en ynhâld en fernijend(e) proaza en poëzij. Guon wurken koene troch de sjuery unanym as priiswinner bestimpele wurde, oare waarden besprekgefallen, dêr't de sjuery him oer bûge moast. Men sjocht frij flot oft eat goed is of net, mar it kin wolris sá wêze, dat in beskate mjitte fan subjektiviteit in rol spilet by it beoardieljen fan in ynstjoering. Troch alle ynstjoerings by de kop te hawwen, kin men dy subjektiviteit min ofte mear filterje. Dat de sjuery, dy't frijwat divers is, it oer fierwei de measte ynstjoerings fuortdaalk iens wie, seit in soad oer de kwaliteit.

De ynstjoerde ferhalen joegen wat lingte oanbelanget gâns ferskaat. Sa wie der in ferhaal by dat wol tritich siden besloech, wylst in oare ynstjoerder oan ien side genôch hie. De sjuery hat ek allerhanne tema's foarbykommen sjoen. Guon tema's binne bekend, lykas de leafde foar Fryslân, it libben en de dea, leafde en langstme. Mar der wiene dit jier ek gâns ferhalen mei ferassende en fernijende tema's. Twa hiel aktuele tema's yn dizze rispinge wiene de transysje fan man nei frou en seksting.

Mear as yn foargeande jierren waard skreaun út in oar perspektyf as dat fan 'e minske sels wei. Sa hawwe wy it libben fan in blêd oan in ikebeam folge en witte wy no hoe't in drip him fielt as er yn 'e winter befriest en skieden wurdt fan syn grutte leafde. Ien ynstjoering joech ús ynsjoch yn it bisteryk. Opfallend wie dat in soad ferhalen sa út it libben wei grypt wêze koene. Datsoarte fan ferhalen ûntbruts it faak oan djipgong en in goed plot, en dy wiene yn in protte gefallen dan ek net goed genôch foar in priis. Foar de Rely binne wy op 'e syk nei dy ferhalen dy't krekt dát bytsje ekstra hawwe. Dat bytsje ekstra berikt men net troch in deistige sitewaasje sljochtwei op papier te setten.

By de gedichten rûnen de kwaliteit en 'e lingte en styl ek bot útinoar. Sa wiene der proazagedichten, in protte tradisjonele gedichten, mar ek nijere foarmen, dêr't men as skriuwer wat mear lef foar hawwe moat. In tige breed skala dus.

De bêste ynstjoerde ferhalen wiene neffens de sjuery: 'De dûns', 'De sjongende ridder', 'Skaakles' en 'Scapa Flow'. Fan 'e gedichten wiene wy yn ús beried op 1 july tige te sprekken oer: 'wy bin' klaai', 'Vox Celeste', 'Biografy' en 'In winter'.

FERHALEN

De dûns – troch Wilco Berga

'De dûns' fertelt it ferhaal fan in dochter dy't, nei de dea fan 'e fan har ferfrjemde heit, yn dy syn atelier en hûs telâne komt. Har mem hat se nea goed kend, omdat dy, neffens har heit, betiid ferstoarn is. Troch it lêzen fan heit syn deiboeken en oantekenings krijt se wat mear ynsjoch yn it libben fan har heit en se hopet op dy wize ek ynsjoch yn dat fan har mem te krijen. Dat lêste slagget net. As se op in dei in fotoreportaazje dwaan moat yn it âldereintehûs, slacht de skrik har om 't hert. 'De dûns' is net perfoarst in spannend ferhaal, mar it is goed skreaun, helder fan struktuer en nijsgjirrich wat de ûnderskate 'lagen' oanbelanget.

De sjongende ridder – troch Sjoerd Bottema

In ferhaal bysûnder fan tematyk en komposysje. Yn 'De sjongende ridder' is de taal it haadpersonaazje. In 'goed' ferhaal is it net perfoarst en 'e psychology en 'e plot binne amper fan belang. Der wurdt in soad boarte mei de taal en it fertelperspektyf. It is in absurd mearke foar folwoeksenen. It aventoer fan 'e fjouwer susters Graanstra, dy't, op midsiuwske teksten sjongend, yn 'e bosk op harren prins sitte te wachtsjen, mar oerfallen wurde troch boerehufters, nammentlik de fjouwer bruorren Hoytinga. Uteinlik bringt De sjongende ridder rêding.

It is in folslein ûnkonvinsjoneel ferhaal dat him oan gjin inkele sjenre-yndieling hâldt. It wykt ôf fan alle oare ferhalen dy't ynstjoerd binne. De taal is assosjatyf, sprankeljend en boartlik. Troch de kontrasten wurde komyske effekten berikt. As in suertsjekleurige strip rôlje de bylden foarby. In folslein oarspronklike tekst dy't konsekwint alle gongbere fertelkonvinsjes oerheap smyt, tige komysk wurket en jin by bliuwt.

Skaakles – troch Sipke de Schiffart

It ferhaal fan 'e skaker mei syn sosjale foby, dy't troch syn maat frege is om in skaakles oer te nimmen. Om syn foby wat te oerwinnen, nimt er in slokje (of twa) foardat er oan 'e ynfalles begjint. Hy ferliest syn rem en hy docht alle war om 'e les sa goed as 't kin troch te kommen. Dat wol lykwols net alhielendal slagje.

In orizjineel ferhaal, dat wat tema en útwurking oanbelanget in eigen toan hat. It sterke oan it ferhaal is dy toan: it fanselsprekkende fan it fertellen. De konsekwint folhâlden gekte fan 'e haadpersoan.

It personaazje wurdt fuort goed delset en nimt ús mei yn syn twastridigens fan yntelligent persoan mei in sosjale steurnis. Troch de fanselsprekkendheid dêr't it mei skreaun is, is it ferhaal tige goed te lêzen en hat men it gefoel dat men by de skaakles oanwêzich is.

Scapa Flow – troch Geert Nauta

In goed skreaun ferhaal, dat oan 'e ein oerkomt as in klassike tragedzje.

De oanpak – mei in grutte ynformaasjetichtens yn in (sometiden te) koarte tiid – is eins gaadliker foar in roman of novelle, mar fanwegen de kwaliteit fan it ferhaal fûn de sjuery dit wol in priiswinner. It is, lykas sein, goed skreaun en lêst dêrby ek lekker flot.

Inez is weromgien nei Orkney, nei't har freon Steven dêrfoar ferûngelokke is by it dûken. Se wennet dêr in jier of acht, wurket as dûkynstruktrise en hat har âlde libben yn Nederlân as sello-studint farwol sein. Underwilens hat se Seamus kennen leard. Yn dit ferhaal siket se him wer op yn Scapa Flow. De beide libbens komme fragmintarysk foarby. Se fine mekoar wer. Letter binne se wei en wurde dea fûn. De ein fan it ferhaal is foar de sjuery akseptabel, troch wat dêrfoar ferteld is.

GEDICHTEN

wy bin' klaai – troch Edwin de Groot

In fisueel gedicht, nijsjirrich fan foarm en ynhâld, dat ôfwykt fan 'e oare ynstjoerings. It fers jout letterlik en figuerlik in soad romte foar eigen ynterpretaasje en set jin oan it tinken.

Vox Celeste – troch Fedde Dijkstra

In foarmfêst fers. Yn 'e klassike styl fan it sonnet bringt de dichter him wer yn 't sin hoe't er as bern helpe mocht om it Liebmann hûsoargel lucht yn te blazen en sa ta libben te bringen. It moaie oan it gedicht binne de ûnderskate 'lagen': it wûnder fan 'e muzyk en de himelske stim dy't er heart, mar ek de tydlikens fan alles en it dreamen om noch ien kear dy godlike stim hearre te kinnen.

Biografy – troch Elmar Kuiper

Yn dit proazagedicht fan 12 fjouwerrigelige strofen rint de dichter syn libben wer troch fan it begjin ôf. Yn ien strofe rôlje Dynasty, Metallica, mem yn mânselheech mais en 'e sykte fan heit oer mekoar hinne. Poëtyske bylden en deistige taal binne as in fanselssprekkende kollaaazje ferbûn. In gedicht mei in hiel eigen toan en foarm, dat neffens de sjuery goed passe soe op in *Spoken Word*-manifestaasje.

In winter – troch Minne Velstra

Yn 'e foarm fan in fêste struktuer fan fjouwer fiifrigelige strofen sketst de dichter hoe't er yn 'e winter besiket de waarmte yn te heljen en dêrmei it lok.

En dat, bêste minsken, wie it wat Rianne Blokzijl, as foarsitter fan 'e Rely Jorritsmasjuery 2022, jimme hjir hjoed yn dizze moaie stedhûsseal foarlêze sille hie.

Mei út namme fan it tredde sjuerylid, Oene Spoelstra, sis ik jimme tige hertlik tank foar jimme oandacht!

Sjuery Rely Jorritsmapiis 2022:

Rianne Blokzijl (foarsitter)

Beart Oosterhaven (foarlêzer)

Oene Spoelstra